

Achte oanwêzigen,

Fan herte wolkom yn Boalsert, de stêd fan Gysbert Japicx. It berteplak fan de man dy't hjoed-de-dei ferbûn is oan de grutte priis fan de Fryske literatuer.

Yn it bysûnder hjit ik wolkom ús priiswinner Eppie Dam. Ek in hertlik wolkom foar deputearre Sietske Poepjes en de leden fan de advyskommisje: Bouke Oldenhof, Gerlien van Dalen en Pieter Boskma.

It is in ear om jimme hjir allegear te ûntfangen yn ús Martinitsjerke. Fjouwerhûndert jier lyn rûn Gysbert hjir om. Wy rinne no letterlik en figuerlik yn syn fuotstappen. Al santich jier is Gysbert Japicx mei de priis ferbûn oan de wearde dy't wy jouwe oan de Fryske taal en literatuer.

Gysbert Japicx brocht mei syn gedichten, proaza en lieten de taal ta libben. In taal dy't ek nochris troch eltsenien brûkt wurde koe. In taal dy't wy no noch altyd brûke. In taal dy't ús thúskomme lit, oeral op de wrâld. En ek de taal dy't ús winner fan hjoed by steat steld hat om syn tinzen foarm te jaan. In foarm dy't de advyskommisje wist te reitsjen.

En wat is dat dochs mei dy leararen. Gysbert wie learaar, de winners fan fjouwer jier en twa jier lyn ek. De earste winner wie Obe Postma. En jo riede it al: learaar. En ús winner hjoed hat fansels ek foar de klasse stien. Allegear ferhalefertellers dy't nije generaasjes de leafde foar taal meijouwe. Dat, de Gysbert Japicxpriis is wat my oanbelanget net allinnich dé literêre priis fan Fryslân, it is ek in earbetoan oan de learaar!

It oare jier litte wy alles wat bysûnder is yn Fryslân oan de wrâld sjen. Ljouwert Fryslân 2018 stiet bol fan de ferhalen. Fia fonteinen, eveneminten, konserten en wat al net mear fertelle wy ús ferhalen. De ferhalen dy't meitsje wa't wy binne en in taal dy't ús hert rekket.